



Nijkleaster

Stilte Besinning Ferbining

UTNUGING FOAR GEMEENTEBERIED

op woansdei 5 febrewaris, de jûns om 19.30 oere yn de tsjerke fan Jellum

Underwerp: **Presintaasje nije Gemeentepredikant**

Wurklist

- 1 Wolkom troch de foarsitter
- 2 Ferslach fan it Gemeenteberied fan 18 novimber 2024
- 3 Ferslach fan de Beroppingskommisje & Presintaasje fan de nije Gemeentepredikant (en partner)

De Nijkleasterried hat op 11 desimber 2024 in beroppingskommisje ynsteld, besteande út: Gea van Wieren (foarsitter), Harry Kaspers (lid DB), Jeltje Koopman (Jellum), Petra Ottema (Jorwert), Albertsje Spliethoff (Bears) en Alex Riemersma (skriuwer). De beroppingskommisje hat syn wurk dien neffens de opdracht fan de Nijkleasterried fan 11 desimber 2024 en dêroer ferslach útbrocht yn de Nijkleasterried fan 15 jannewaris 2025.

De beroppingskommisje hat mei ien kandidaat in petear fierd en hat dêrnei dy kandidaat unanym foardroegen foar de funksje fan gemeentepredikant fan Nijkleaster-Westerwert. De Nijkleasterried hat dy foardracht oernommen en wol de kandidaat graach oan de gemeente foarstelle op in ekstra gemeenteberied, sa't dat neffens de PKN-regels gebrûklik is. Dat sil wêze op it Gemeenteberied fan woansdei 5 febrewaris. Oant dy tiid bliuwt de namme fan de kandidaat geheim en ek neitiid noch, nammentlik oant de ôfkundiging fan de beropping plakfûn hat op sneintemoarn 9 febrewaris – tagelyk yn de eigen tsjerke fan de kandidaat en yn de Redbatsjerke yn Jorwert.

- 4 Stimming
- 5 Fierdere proseduere
- 6 Omfreegjen
- 7 Ofsluting en neisit mei in hapke en drankje

Wy rekkenje op in goede opkomst!

Mei in hertlike groet,
Gea van Wieren, foarsitter;
Alex Riemersma, skriuwer.

Kleaster Westerhûs (postadres)

It Westerhûs 1
9027 BN HILAARD

Radboudkerk

Sluytermanwei 4
9023 AB, JORWERT

email: info@nijkleaster.fr
www.nijkleaster.fr

KvK: 01151683 Erkend ANBI

IBAN NL02 ABNA 0541 418 440